



Europeesk Hânfest foar Regionale of Minderheidstalen

In sprekbuis foar regionale en minderheidstalen !




COUNCIL
OF EUROPE

CONSEIL
DE L'EUROPE

It Europeesk Hânfest: in sprekbuis foar regionale en minderheidstalen





**Troch it brûken fan in taal, wurdt dy taal sterker.
Troch Frysk te praten, te lêzen en te skriuwen litte wy
de taal net ferdriuwe!**

It Europeesk Hânfest foar Regionale en Minderheidstalen is in unyk ferdrach tusken de steaten dy't akkoarte hawwe te wurkjen oan in takomst dy't geunstich is foar talen. De delgong fan in taal kin keard en sels omkeard wurde, sa't goede foarbylden yn party lannen sjen litten hawwe, dêr't de jongere generaasjes de talen op skoalle leare dy't fan âlds yn de húshâlding en de omkriten sprutsen wurde. Op dy wize binne kultueren rêden en groeie en bloeie dy wer.

Dat jildt lykwols net foar alle Europeeske talen. Fan guon talen nimt it tal sprekkers geandewei ôf. As dy trend net keard wurdt, betsjut soks sûnder mis it teloargean fan talen yn gebieten dêr't dy talen ieuwenlang brûkt binne en dêr't sy in drager binne fan de regionale identiteit.

Lidsteaten dy't har oanslute by de famylje fan it Hânfest, stean foar de beskerming en de promoasje fan talen dy't oars bedrige wurde mei marzjinalisearing yn de lannen dêr't dy talen fanâlds oanwêzich binne.

Taalgebrûk yn it deistich libben

It Hânfest jout sekuere hânfetten foar de beskerming en de befoardering fan minderheidstalen yn it deistich libben.

Fan de lidsteaten wurdt frege om noed te stean foar ûnderwiis yn de regionale of minderheidstaal, foar foarsjennings yn de media lykas krante, radio en televyzje, mar ek foar foarsjennings yn it iepenbier bestjoer.

It Hânfest befoarderet it brûken fan de regionale en minderheidstalen op alle mêden fan it deistich libben, fan de strjitnamme- en plaknammebuorden oant de sûnenssoarch en de iepenbiere tsjinsten.

Regionale en minderheidstalen

It Hânfest hat betrekking op talen dy't har ûnderskiede fan de taal (of: talen) dy't sprutsen wurde troch de mearheid fan de befolking, likegoed as it mar om in lyts oantal sprekkers giet. Ymmigrantetalen en dialekten fan de nasjonale taal wurde net beskôge as regionale of minderheidstalen.

Klam op taalgebrûk

De talen sels profitearje fan it Hânfest troch de befoardering fan it feitlik brûken derfan yn alle domeinen fan it iepenbiere en it priveelibben. De sprekkers fan de regionale en minderheidstalen jouwe de trochslach om dat doel te berikken. Krekt troch it deistige en aktive brûken kin in taal libje en him fierder ûntjaan.

In bydrage om elkoar oer-en-wer te begripen en freedsum mei elkoar te libjen

It respekt foar regionale of minderheidstalen en it befoarderjen fan it gebrûk derfan stiet net heaks op de offisjele taal (of: talen) fan de steat en de needsaak om dy te learen. Rjocht oarsom: erkenning fan regionale of minderheidstalen en respekt foar de sprekkers derfan en de betreffende kultuer draacht by oan it wolwêzen fan de maatskippij.

Respekt foar talen en kultueren tsjinnet de iensens fan in lân, net de ferdieldheid. It is de bêste en gauris de iennichste wei om minsken mei útienrinnende taalkundige en kulturele eftergrûnen te yntegrearjen.

In mienskiplik ramt foar Europeeske steaten

It Hânfest is it iennichste ynternasjonale ynstrumint mei rjochtskrêft dat him rjochtet op de beskerming fan minderheidstalen. It biedt oan de ferdrachssteaten in mienskiplik en ynternasjonaal erkend ramt foar de eigen taalpolityk. It Hânfest biedt ek gâns ûnderfinings fan it befoarderjen fan talen yn de praktyk. It Hânfest heart ta in rige fan oerienkomsten dy't der bliken fan jouwe, dat de Ried fan Europa him al hiel lang dwaande hâldt mei de beskerming fan nasjonale minderheden, lykas de Europeeske Konvinsje foar de beskerming fan de minskerjochten en fûnamintele frijheden, en it Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden.

In platfoarm foar oparbeidzjen tusken steaten en NGO's

Taalgeunstich belied kin allinnich mar ûntwikkele wurde yn oparbeidzjen mei de sprekkers fan de oanbelangjende talen. Alle partijen hawwe baat by dy gearwurking. It sukses fan de ymplementaasje fan it Hânfest is ôfhinklik fan yntinsyf oerlis tusken oerheden en de taalmienskippen.

Monitoring – fan libbensbelang

In geregelde monitoring fan hoe't de lidsteaten it Hânfest tapasse, soarget derfoar dat dit ferdrach gjin deade letter wurdt, mar him fierder ûntjaan kin. It proses fan monitoring hat yn de earste jierren al gauris it bewustwêzen grutter makke by oerheden fan de krêft fan de eigen taalpolityk, mar ek fan de tekoarten dêryn. It Hânfest hat ek bydroegen oan de konstruktive kontakten tusken de oerheden en de sprekkers fan de oanbelangjende talen. Fierder binne ek kontakten ta stân brocht tusken ûnderskate taalgroepen.

De spil fan in tsjil

Gâns ferbetterings binne al trochfierd yn de earste fazen fan de ymplementaasje fan it Hânfest. Oare problemen binne yn lettere ynstânsje oplost. It Hânfest is as de spil fan in tsjil gearstald om goede betingsten te skeppen foar it beskermjen en it befoarderjen fan alle talen, mei it doel dy bloeie te litten en dêrtroch it taalferskaat yn Europa te fersterkjen.

Hoe't it Hânfest wurket

Trije grutte partners binne behelle yn it proses:

- de Ried fan Europa

- de lidsteat

- NGO's

of oare fertsjintwurdigers fan de sprekkers





In konstruktive dialooch

It Hânfest is in ferdrach dat opsteld is troch de Ried fan Europa. De útwurking yn de praktyk wurdt alleduerigen monitore.

Lykas by gâns ferdraggen fan de Ried fan Europa, bestiet it monitor-proses út twa stappen. Yn earste opslach makket it lân sels in rapport oer de ymplementaasje fan de ferdrachsôfspraken.

De twadde stap bestiet út in ûnôfhinklike monitoring, dy't útfierd wurdt troch in Kommisje fan Saakkundigen. De leden dêrfan wurde beneamd troch de ministers fan bûtenlânske saken fan de Ried fan Europa.

Yn it proses fan monitoring binne alle partijen behelle: fertsjintwurdigers fan de ryksoerheid, fan regionale oerheden, NGO's en oare fertsjintwurdigers fan de sprekkers fan de oanbelangjende talen. Dêrtroch hawwe alle partijen in foarum foar trochgeande dialooch en sadwaande krije de sprekkers fan de talen sels in sintrale posysje yn it ymplementaasje-proses.

Kommisje fan Saakkundigen

Geregelde monitoring oer hoe't de steaten it Hânfest tapasse, wurdt útfierd troch de Kommisje fan Saakkundigen. De Kommisje fan Saakkundigen bestudearret elk rapport dat troch de lidsteat útbrocht wurdt, en riedt op grûn fan dat ûndersyk in rapport ta foar it Komitee fan Ministers fan de Ried fan Europa.

Organisaasjes en ferienings dy't yn de steat wetlik registrearre binne, kinne fan de Kommisje fan Saakkundigen omtinken freegje foar ûnderwerpen dy't te krijen hawwe mei de ferdrachsferplichtings dêr't de steat foar tekene hat.

As tarieding op dat ûndersyksrapport bringe fertsjintwurdigers fan de Kommisje fan Saakkundigen oer it generaal in besite oan de steat mei it doel ekstra ynformaasje yn te winnen by de ferantwurdlike oerheidsorganen en lokaasjebesites by de sprekkers fan de oanbelangjende talen ("On-the-spot-visits"). Dy oanpak soarget derfoar, dat it Hânfestferdrach gjin deade letter wurdt mar him fierder ûntwikkelet.

Komitee fan Ministers

Op grûn fan it ûndersyk fan de Kommisje fan Saakkundigen formulearret it Komitee fan Ministers (dat bestiet út de Ministers fan bûtenlânske saken fan de Ried fan Europa) oanbefellings oan de regearings fan lidsteaten dy't it Hânfest ratifisearre hawwe. Dy oanbefellings fan it Komitee fan Ministers binne yn it ferdrach it ynstrumint mei it measte gewicht. Steaten binne ferplichte daliks en adekwaat te reagearjen op de oanbefellings dy't nammers ynfloed hawwe op it belied fan party steaten.

In dúdlike oanpak

It proses fan it Hânfest is dúdlik. It is fan grut belang, dat de kennis dy't yn dit beliedsfjild sammele wurdt, systematysk op elkoar oanslút en ek dield wurde kin.

De rapporten fan de lidsteaten (ienkear yn de trije jier), de ûndersyksrapporten fan de Kommisje fan Saakkundigen en de oanbefellings fan it Komitee fan Ministers binne beskikber op it webstee fan de Ried fan Europa en dêr foar elkenien tagonklik.

De lidsteat

De steat tekenet en ratifisearret it Hânfest en bepaalt tagelyk in ferskaat oan ferplichtings foar de talen dy't beskerme wurde yn diel III fan it Hânfest (op syn minst 35 fan de 68 mooglike ferplichtings).

Binnen ien jier nei de ratifikaasje publisearret de steat in rapport oer it belied dat útfierd wurdt yn oerienstimming mei útgongspunten yn diel II fan it Hânfest en oer de maatregels dy't nommen binne foar it tapassen fan de foarsjenings yn diel III fan it Hânfest dy't de steat akseptearre hat.

Ferfolchrapporten wurde om 'e trije jier publisearre. Oer it generaal riedt de steat it eigen rapport ta yn gearspraak mei fertsjintwurdigers fan de sprekkers fan de regionale of minderheidstalen. Dy oanpak wurdt sterk oanrikkemandedarre, omdat dêrtroch it begryp fan wjerskanten grutter wurdt en dêrtroch yn party gefallen mooglike problemen oplost wurde kinne.

De steat is ferplichte it rapport iepenbier te meitsjen. It rapport wurdt ek publisearre op it webstee fan de Ried fan Europa.

De Ried fan Europa kin seminars of gearkomsten organisearje om de steat te stypjen yn it ratifikaasjeproses. De steat kin sels ek gearkomsten organisearje as tarieding op de eigen rapportaazjes en foar de fersprieding fan dy rapportaazjes. Soksoarte fan seminars en gearkomsten kinne ek opset wurde as in ûnderdiel fan it fierder fersprieden en bekend meitsjen fan it ûndersyksrapport fan de Kommisje fan Saakkundigen en fan de oanbefellings fan it Komitee fan Ministers fan de Ried fan Europa.

NGO's of oare fertsjintwurdigers fan de sprekkers

NGO's en oare fertsjintwurdigers fan de sprekkers fan de oanbelangjende talen hawwe altyd de frijheid de eigen steat en de Ried fan Europa (fia it siktariaat fan it Hânfest) op de hichte te bringen fan ûnderwerpen dy't te krijen hawwe mei de ymplementaasje fan it Hânfest. Dyselden hawwe ek de frijheid om aktyf by te dragen oan de tarieding fan de nasjonale rapportaazjes.

Yn it monitoringproses dat folget op de presintaasje fan it rapport troch de steat, wurde NGO's en oare fertsjintwurdigers fan de sprekkers rieplachte. Yn dat proses kinne dyselden ek sels de foarstap nimme troch it siktariaat fan it Hânfest op de hichte te bringen fan saken dy't te krijen hawwe mei de ymplementaasje fan it ferdrach.

It Hânfest yn it koart





De opbou fan it Hânfest

Diel I

Yn diel I fan it Hânfest is omskreaun hoefier't it Hânfest rikt.

Diel II

Yn diel II is de 'geast fan it Hânfest' ûnder wurden brocht. De kearn dêrfan is de erkenning fan de regionale of minderheidstalen as útdrukking fan kulturele rykdom. De foarsjennings ûnder diel II binne fan tapassing op alle talen dy't fan âlds oanwêzich binne yn de steat.

Diel III

De steat bepaalt eksplisyt de talen dêr't de mear detaillearre foarsjennings fan diel III foar tapast wurde. Foar elke taal ûnderskriuwt de steat op syn minst 35 fan de 68 foarsjennings.

Diel IV

De monitoring fan it Hânfest is in sintraal ûnderdiel fan it proses fan it Hânfest. Monitoring en oare saken oangeande de tapassing binne omskreaun yn diel IV.

Diel V

Yn diel V binne de saken beskreaun oangeande it yn wurking kommen fan it Hânfest en oangeande it tekenjen en de ratifikaasje fan it Hânfest.

DIEL II

7 PRINSIPES DY'T FAN TAPASSING BINNE FOAR ALLE TALEN

Diel II hat betrekking op alle regionale of minderheidstalen dy't fan âlds oanwêzich binne yn in lân, likefolle oft in steat dy taal of talen yn oanmerking komme lit foar de mear detaillearde beskermingsmaatregels yn diel III.

De neikommende basisprinsipes falle ûnder diel II:

- De kearn fan it Hânfest is de erkenning fan regionale of minderheidstalen as in **útdrukking fan kulturele rykdom**, en ek de **needsaak fan adekwate maatregels** om dy talen te befoarderjen. In protte steaten dy't it Hânfest tekene hawwe, beskermje en befoarderje no talen dy't foarhinne net iens erkend wiene as diel fan it kulturele en taalkundige erfgoed fan de steat.
- It Hânfest ferplichtet de steaten om it **geografyske gebiet** fan regionale of minderheidstalen te respektarjen. Yn de praktyk wurdt dit prinsipe brûkt as steaten bygelyks de bestjoerlike grinzen sa feroarje wolle, dat dy in negatyf effekt hawwe op de regionale of minderheidstalen.
- Ien fan de basisprinsipes fan it Hânfest is, dat talen net beheind bliuwe ta it priveelibben. It brûken fan de talen yn **it iepenbiere libben** moat befoardere wurde. Op grûn fan dit prinsipe hawwe de sintrale en regionale oerheden nije domeinen fan taalgebrûk ûntwikkele yn alle sektoaren fan it iepenbiere libben, lykas ûnderwiis, iepenbier bestjoer, de rjochtseal, de media en it ekonomyske en sosjale libben.
- **Underwiis** op alle nivo's is essinsjeel foar de ûntwikkeling fan elke taal. It Hânfest fergiet fan steaten adekwate foarmen en middels oan te bieden foar it ûnderwizen en oanlearen fan alle regionale of minderheidstalen yn dy steat. Dêrtroch binne yn party gefallen ferbetterings trochfierd foar it ûnderwizen yn in taal of it ûnderwiis yn de taal as skoalfak; dat jildt ek foar dy talen dy't net beskerme wurde troch de mear detaillearde foarsjennings fan diel III fan it Hânfest.

- De taal-befoarderlike geast fan it Hânfest is rjochte op positive en konstruktive oplossings foar de ûntwikkeling fan talen. Soks freget om **de befoarderling fan it oer-en-wer ferstean en begripe wollen** tusken alle taalgroepen fan de steat, likegoed fan sprekkers fan de mearderheidstalen as fan sprekkers fan regionale of minderheidstalen. Ta de kearn fan it Hânfest heart ek respekt, begryp en tolerânsje as it giet om talen. Mar it Hânfest fer-easket fan de steaten ek dúdlik alle foarmen fan ûnrjochtlik ûnderskied, útsluting, beheining of foarkar yn ferbân mei it taalgebrûk tefoaren te kommen.
- De rol fan de **massamedia** is fan grut belang foar it befoarderjen fan it elkoar ferstean kinnen en wollen - en foar it respekt foar oaren en har kulturen en talen. It Hânfest freget fan de steaten om de massamedia oan te moedigjen omtinken te jaan oan dat doel.
- Yn in protte gefallen hawwe de sprekkers fan regionale of minderheidstalen in oanbuorjende steat dêr't de taal ek sprutsen wurdt, gauris as de dominante taal. It Hânfest freget fan de steaten om aktyf **útwikselings oer de grinzen hinne** te befoarderjen. Dat kin gean om ferskate soarten fan útwikselings, lykas de beskikberens fan de media, kulturele kontakten, of de gearwurking om it learplan fan in taal te ûntwikkeljen.

DIEL III

IN KAR ÚT DE 98 MAATREGELS YN SÂN DOMEINEN FAN IT IEPENBIERE LIBBEN

Diel III fan it Hânfest befettet 68 kâsten mei yn totaal 98 stypjende maatregels foar it beskermjen fan de talen dy't foar diel III yn de beneaming komme. Dêrta moatte foar elke taal op syn minst 35 ferplichtings út op syn minst 6 domeinen fan it iepenbiere libben útkeazen wurde. Lykwols, sjoen de geast fan it Hânfest, hawwe de steaten foar de measte talen wol mear ferplichtings tekene as it minimumoantal. Yn de praktyk kin dat bygelyks sa útpakke:

Underwiis

- Sprekkers fan in taal kinne de bern nei in skoalle stjoere dy't it ûnderwiis hielendal yn dy taal fersoarget, of op syn minst de taal as skoalfak ûnderwiist, op alle nivo's: fan pjutteboartersplak oant de universiteit.
- De steat is ferplichte datsoarte ûnderwiis oan te bieden en derfoar te soargjen, dat de learkrêften in adekwate oplieding krije.

Rjochtbank

- Sprekkers fan in taal kinne foar de rjochtbank de eigen taal brûke sûnder ekstra kosten te meitsjen foar mûnlinge of skriftlike oersettings.
- De steat moat garandearje, dat dokuminten yn de taal rjochtsjildich binne.

Iepenbier bestjoer

- Sprekkers fan in taal kinne formulieren ynfolje en korrespondinsje mei de oerheid fiere yn de eigen taal. Sy kinne de eigen famyljenamme en plaknammen brûke, ek op de ferkearsbuorden.
- De steat moat derfoar soargje, dat de amtners de taal fol-dwaande behearskje om it wurk foar de klanten útfiere te kinnen.

Media

- Sprekkers fan in taal meitsje gebrûk fan radio- en tv-kanalen of oare programma's yn de eigen taal, fan publike of fan private omroppen. Sy kinne ek kranten lêze en sy hawwe tagong ta audiofisuele middels yn minderheidstalen.
- De steat is ferplichte útstjoerings yn de taal te stypjen as in ûnderdiel fan de publike omrop of de steat moat private omroppen stimulearje dy tsjinsten oan te bieden. De steat moat ek oare media op in adekwate wize stypje.

Kulturele aktiviteiten

- Sprekkers fan in taal hawwe tagong ta bloeiende kulturele aktiviteiten en bibleteken. Kulturele aktiviteiten omfiemje ek it publisearjen fan boeken en it ûntwikkeljen fan nije terminology yn de taal.
- De steat nimt op him om ferskate kulturele aktiviteiten te befoarderjen en te stypjen. De steat garandearret ek dat fertsjintwurdigers fan de taal behelle wurde by de plenning fan kulturele aktiviteiten.

Ekonomyk en sosjaal libben

- Sprekkers kinne de eigen taal brûke yn kontakt mei de sosjale tsjinst en yn de soarchsektor. It brûken fan de taal yn it hiele ekonomyk libben wurdt oanmoedige.
- De steat is ferplichte om alle beheiningen fan it brûken fan de talen op de wurkflier dy't net dúdlik te rjochtfeardigjen binne op grûn fan praktyske redenen, út de wei te romjen.

Utwikselings oer de steatsgrinzen

- Sprekkers fan in taal kinne harkje en sjen nei radio- en tv-útstjoerings fan oer de grins. Sy kinne meidwaan oan kulturele aktiviteiten en profitearje fan oare foarsjennings fan de iepen grinzen en dêrby gebrûk meitsje fan de eigen taal.
- De steat nimt op him mienskiplike aktiviteiten oan beide kanten fan de grins te stypjen, byneed troch it oangean fan formele oerienkomsten mei de oanbuorjende lannen.

It Hânfest kin in ûnderskied útmeitsje it libben fan al den dei

*Op ferskate wizen hat it Hânfest
ynfloed op de posysje fan regionale
of minderheidstalen yn it libben fan al den dei.*





De sprekkers sels spylje de wichtichste rol

It is fan it grutste belang om it wêzen fan it Hânfest te beskôgjen as in proses foar it beskermjen en it befoarderjen fan de regionale of minderheidstalen. Fierwei it wichtichste yn dat proses binne de sprekkers dy't de beskerme talen alle dagen wer brûke. De takomst fan in taal hinget ôf fan de deistige praktyk yn it persoanlike en yn it iepenbiere libben. Dat hat te krijen mei de kar fan it ûnderwiis, it deistich brûken yn de media en by kulturele aktiviteiten. Dy takomst is ek ôfhinklik fan de oantoanbere foarkar om de regionale of minderheidstaal – foarsafier mooglik – te brûken yn it iepenbier bestjoer, mûnling en skriftlik. Sûnder dy taalpraktyk fan al den dei as bydrage oan it taalferskaat yn Europa, binne oare maatregels om 'e nocht.

Hjirûnder folgje in pear foarbylden fan hoe't it Hânfest it ferskil útmeitsje kin foar minsken yn it deistich libben:

- De kâns krije om de eigen taal op skoalle te learen en te praten
- Yn steat steld wurde om offisjele formulieren yn de eigen taal yn te folgjen
- De oanwêzigens fan buorden en plaknammen yn de eigen taal
- Radio- en televyzjeprogramma's folgje kinne en kranten lêze kinne yn de eigen taal
- Genietsje en meidwaan kinne oan in bloeiend kultureel libben yn de eigen taal yn alle aspekten, mei literatuer, toaniel, konserten, festivals en fideo-kommunikaasje



**It Hânfest is in proses dat útfierd
wurdt troch aktive partners:**

- Yn de lidsteaten
- Yn de oanbelangjende taalmienskippen
- Rûnom yn Europa

**Jim eigen taal stjert net út.
De taal wurdt sterker troch dy te brûken.
Use it, don't lose it!**

Op it webstee fan it Hânfest kin men dit oantrefte:

- De list fan lidsteaten dy't it Hânfest tekene en ratifisearre hawwe
- Hoe't it Hânfest yn elke lidsteat tapast wurdt foar de aparte talen
- Alle periodike rapportaazjes fan de steaten
- Alle evaluaasjerapporten fan de Kommisje fan Saakkundigen
- De oanbefellings dy't it Komitee fan Ministers fan de Ried fan Europa jûn hat oan de lidsteaten
- Ferwizings nei oare boarnen en literatuer oangeande it Hânfest
- Rjochtlinen en checklisten foar oerheden en NGO's oer de tapassing fan it Hânfest en de tarieding fan periodike rapportaazjes
- Nijs en ynformaasje oer de tapassing fan it Hânfest
- De folsleine tekst fan it Europeeske Hânfest foar Regionale of Minderheidstalen en it ferklearjende rapport

Produced by the Secretariat of the European Charter for Regional or Minority Languages
in co-operation with the Directorate of Communication

Textual consultant: Tom Moring

Design: RXM Strasbourg

© Photos: Shutterstock and Council of Europe

Frisian version: translated by Mercator Research Centre on Linguistic Diversity and Language Learning -
Ljouwert / Leeuwarden (Fryslân / Netherlands)

Jo kinne kontakt opnimme mei
it skriuwerskip fan it Hânfest skriftlik,
oer de e-post of de tillefoan:

**Skriuwerskip fan it Europeesk Hânfest foar
Regionale of Minderheidstalen**

Direktoraat-Generaal IV,
Underwiis, Kultuer en Erfgoed, Jeugd en Sport

Ried fan Europa
F-67075 Strasbourg Cedex
Tillefoan (sintrale) + 33(0)388 412000
e-post: minlang.secretariat@coe.int